

Luzelietsje

ik fiel my goed, it kin net better	Dm	Bb
ik de fisk en do it wetter	A7	Dm
it libbenbin'k noch lang net sêd	C7	F
ik de rûp en do it blêd	Gm	A7
mar o, wat ha'k my faak ferskûle	Gm	Dm
ik de mûs en do de ûle	A7	Dm
en wat wie'k ôfgryslík bang	Bb	F
ik de kikkert, do de slang	A7	Dm

ja, wy koene tige wille meitsje
ik it lamke en do it geitsje
wy diene oan leafde net te min
ik de hoanne en do de hin
mar do hâldst my finzen hoe'k ek skrep
ik bliuw it michje yn dyn web
it leafste soe ik libje wolle
as in lús op dyn seare holle!